

Examen VMBO-GL en TL

2008

tijdvak 1
woensdag 28 mei
9.00 - 11.00 uur

Fries CSE GL en TL

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 44 vragen.

Voor dit examen zijn maximaal 50 punten te behalen.

Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Tekst 1

- 1p 1 Willy van der Meer hat dit artikel skreaun.
Wêr giet it har om yn alinea 1?
A Se leit út wat Geart de Vries dien hat.
B Se leit út wat Geart de Vries fan Tiny Mulder fynt.
C Se leit út wat in autobiografy is.
D Se leit út wêrom't Geart de Vries dit boek skreaun hat.
- 1p 2 Hokker ferbân wurdt yn alinea 1 útdrukt troch it wurd "al" (r. 6)?
A ferlykjend ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útwreidzjend ferbân
- Dizze ynlieding heart by fraach 3 en 4.*
Yn alinea 2 is sprake fan in "biografyske autobiografy".
- 1p 3 Wêrom soesto it boek fan Geart de Vries in biografy neame kinne?
- 1p 4 Wêrom soesto it boek fan Geart de Vries in autobiografy neame kinne?
- 1p 5 Wêrom giet it yn alinea 3 oer it boek fan Douwe Tamminga?
A Geart de Vries hat Douwe Tamminga goed kinnen.
B Geart de Vries hat ûnderfining mei dizze wurkwize.
C Douwe Tamminga hat ek sa'n boek skreaun.
D Douwe Tamminga is ek in bekend Frysk skriuwer.
- 2p 6 Yn alinea 3 hat Geart de Vries it oer syn wurkwize.
→ Hokker twa arguminten jout hy foar de kar fan dy wurkwize?
- 1p 7 Wat is it ferbân tusken de lêste sin fan alinea 4 (r. 64-66) en it begjin fan alinea 5 (r. 67-68)?
A konkludearjend ferbân
B opsomjend ferbân
C tsjinstellend ferbân
D útlizzend ferbân
- 1p 8 "Der is fansels ek in lang en wurksum bestean achteroan kommen" (r. 76-77)
Foar wa jildt dat?
A de piloaten
B Evelijn
C Tiny Mulder
D Tiny Mulder en Evelijn
E Tiny Mulder en de piloaten
F Tiny Mulder, Evelijn en de piloaten

- 1p **9** It joadske famke Evelijn is deselde as Anneke yn de roman “Tin iis”.
Mar yn alinea 2 stiet: “Feiten en nammen moatte doge” (r. 22)
→ Kin Anneke yn de roman “Tin iis” deselde persoan wêze as Evelijn?
Lis út wêrom al of wêrom net.
Brûk net mear as 15 wurden.
- 2p **10** Yn har boek “Tin iis” beskriuwt Tiny Mulder har eigen oarlochstiid.
→ Wêrom hat Tiny Mulder foar de romanfoarm keazen en net foar in
autobiografy?
Helje dyn antwurd út alinea 1.
- 1p **11** ‘De oarloch makke har ek selsstannich’. (alinea 6, r. 94-95)
→ Sitearje it sinpart út alinea 4 dêr’t út bliken docht dat sy ek sa grutbrocht is.
- 2p **12** Op hokker wizen hat Tiny Mulder it jild byinoar krigen foar har reis nei Amearika
yn 1947?
- 1p **13** Yn ‘e oarloch hat Tiny Mulder in hiel soad piloaten holpen om Nederlân út te
kommen. Nei de oarloch kriget se in hiel oar byld fan dy minsken as yn de
oarloch.
→ Sitearje in sin dêr’t dat út bliken docht.
- 1p **14** Geart de Vries seit yn alinea 9: ‘Se hie in hiel goeie bûtenlânkorrespondinte
wêze kind.’ (r. 137-138)
→ Hokker argumint jout hy dêr foar?
- 1p **15** Neist feiten komme yn dizze tekst in soad mieningen foar.
Fan wa binne dy mieningen?
A Fan Geart de Vries
B Fan Geart de Vries en Tiny Mulder
C Fan Tiny Mulder
D Fan Tiny Mulder en Willy van der Meer
E Fan Willy van der Meer
F Fan Willy van der Meer en Geart de Vries

Dizze ynlieding heart by fraach 16 en 17.

Yn alinea 3 seit Geart de Vries dat der yn it libben fan Tiny Mulder in soad bard
is, ‘net allinne de oarloch, mar ek de sjoernalistyk en har dichtsjen en oersetten
hawwe fan grut belang west.’ (r. 43-46)

- 1p **16** Yn hokker alinea(s) is de oarloch it wichtichste ûnderwerp?
- 1p **17** Yn hokker alinea(s) is de sjoernalistyk it wichtichste ûnderwerp?
- 1p **18** As sjoernaliste skreau Tiny Mulder stikken foar de krante. Dêrneist hat se ek
fiksje skreaun.
→ Hokker foarbylden wurde dêrfan neamd yn de tekst?

- 1p 19 Wat is it wichtichste skriuwdoel fan dit artikel fan Willy van der Meer?
- A ferdivedearje
 - B oantrune
 - C oertsjûgje
 - D ynformearje

Tekst 2

- 1p 20 "...en dat wie doedestiids hiel wat." (r. 17-18)
Wêr ferwiist 'dat' nei?
- A nei in folsleine baan
 - B nei it Friesch Dagblad
 - C nei sjoernaliste
 - D nei Tiny Mulder
- 2p 21 Neam twa eleminten dy't Mieneke van der Velde sa oansprekke yn Tiny Mulder as persoan.
Brûk net mear as 15 wurden
- 1p 22 Wat sprekt Mieneke van der Velde sa oan yn Tiny Mulder as skriuwster?
Brûk net mear as 10 wurden.
- 1p 23 Yn tekst 1 wurde ferskillende kanten fan it libben fan Tiny Mulder neamd.
→ Hokker wichtige kant komt yn tekst 2 net oan de oarder?

Tekst 3

- 1p 24 Wat is de funksje fan alinea 1?
- A De oanlieding foar it skriuwen fan de tekst stiet der yn.
 - B De oanlieding foar it skriuwen fan de tekst en it ûnderwerp fan de tekst steane der yn.
 - C De útlis fan it nije begryp 'hiphoppera' stiet der yn.
 - D It ûnderwerp fan de tekst en de útlis fan it nije begryp 'hiphoppera' steane der yn.
- 1p 25 Wêr ferwiist 'se' yn regel 8 nei?
- A Nei 'hiphop' en 'gewoane' popmuzyk'
 - B Nei 'in doarpsfamke en har mem'
 - C Nei 'Om 'e Noard' en in ploechje jonge artysten'

- 1p **26** Hokker bewearing is wier neffens alinea 2?
A Omdat Becker syn hûs âld is, is it frij gehoarich.
B Omdat Becker syn hûs frij gehoarich is, moast hy de muzyk fan syn soannen wol hearre.
C Omdat Becker syn soannen rap en hiphop draaiden, kaam hy net mear oan folkmuzyk ta.
D Omdat Becker syn soannen rap en hiphop moai fine, harkje se net nei 'Om 'e Noard'.
- 1p **27** Hokker ferbân is der tusken alinea 2 en alinea 3?
A Yn alinea 2 wurde pop en hiphop neamd, alinea 3 giet oer de skiednis fan dy twa.
B Yn alinea 2 wurde pop en hiphop neamd, alinea 3 giet oer de takomst fan dy twa.
C Yn alinea 2 wurde pop en hiphop neamd, alinea 3 giet oer ferskillen tusken dy twa.
D Yn alinea 2 wurde pop en hiphop neamd, alinea 3 giet oer oerienkomsten tusken dy twa.
- 2p **28** Neffens Beckers wiene der froeger ek wol muzykstilen dy't oars wiene, lykas rock 'n roll en punk (alinea 3).
→ Wat is neffens him in ferskil tusken dy beide muzykstilen fan doe en de hiphopmuzyk fan no? Helje it antwurd út alinea 3. Brûk net mear as 20 wurden.
- 1p **29** Wat is it ferbân tusken de lêste sin fan alinea 3 (r. 27-31) en alinea 4?
A Yn dy sin docht Beckers in útspraak, yn alinea 4 beärgumintearret hy dy.
B Yn dy sin docht Beckers in útspraak, yn alinea 4 ferbynt hy dêr konklúzjes oan.
C Yn dy sin docht Beckers in útspraak, yn alinea 4 stiet it gefolch dêrfan foar syn muzyk.
- 1p **30** Wêr ferwiist it wurd 'se' yn rigel 32 nei?
- 2p **31** Hokker redenen (sjoch alinea 5) wiene der foar 'Om 'e Noard' om mei hiphop oan 'e slach te gean?
- 1p **32** Hokker bewearing is neffens alinea 5 wier?
A It stik 'De Brêge' is foaral bedoeld foar âldere minsken dy't neat fan hiphop witte.
B It stik 'De Brêge' is it earste optreden fan 'Om 'e Noard' mei hiphopynfloeden.
C It stik 'De Brêge' wurdt ien kear yn 'De Koornbeurs' yn Frjentsjer spile.
D It stik 'De Brêge' wurdt nei de premjêre ek op oare plakken spile.

- 1p **33** Wat is it ferbân tusken de earste en de twadde sin fan alinea 6?
- A konludearjend
 - B opsomjend
 - C tsjinstellend
 - D útlizzend
- 1p **34** “Dêrmei jouwe se oan dat de muzyk op it foarste plak komt.”(r. 59-60)
Hokker reden jout Beckers dêr yn it ferfolch fan alinea 6 foar?
- A As muzikanten it advys krije om fan harsels út te gean, dan stiet muzyk foarop.
 - B Beckers fynt de rol fan it ferhaal yn in programma noait belangryk.
 - C De artysten fan ‘De Brêge’ wolle allinne mar muzyk meitsje.
 - D Skriuwster Hanneke de Jong hat de groep fan ‘De Brêge’ dat advys jûn.
- 1p **35** Hokker karakter hat alinea 8?
- A Fedde Dykstra, skriuwer fan tekst 3, jout ynformaasje oer it stik “De Brêge”.
 - B Fedde Dykstra, skriuwer fan tekst 3, leit út wat hy fan it stik “De Brêge” fynt.
 - C Fedde Dykstra, skriuwer fan tekst 3, trunet syn lêzers oan nei “De Brêge” ta te gean.
- 1p **36** Hokker wurd út alinea 8 jout dúdlik oan dat de muzyk fan ‘De Brêge’ wichtiger is as de toanieltekst?
- 1p **37** Yn alinea 1 en yn alinea 5 wurdt steld dat Beckers hiphop en pop mei elkoar ferbine wol.
→ Sitearje it tekstpart út alinea 8 dêr’t dy ferbining ek yn oan ’e oarder komt.
- 1p **38** Yn de alinea’s 1 oant en mei 8 is te lêzen dat der ferskillende brêgen slein wurde, dat wol sizze: der wurde ferbiningen makke tusken persoanen en/of saken.
→ Hokker brêge komt dêr yn alinea 9 noch by?
- 1p **39** Mei hokker wurd is de relaasje tusken alinea 9 en alinea 10 it bêste oan te tsjutten?
- A ferskil
 - B oerienkomst
 - C opsomming
 - D tsjinstelling

Tekst 3 is te ferpartsjen yn fjouwer dielen:

Diel 1 giet oer ferskillende muzykstilen.

Diel 2 giet oer it ûntstean en de tarieding fan 'De Brêge'.

Diel 3 giet oer ynhâld en opset fan 'De Brêge'.

Diel 4 giet oer de gefolgen fan 'De Brêge' foar de Beckers-húshâlding.

- 1p **40** Mei hokker alinea begjint diel 2?
- A alinea 2
 - B alinea 3
 - C alinea 4
 - D alinea 5
- 1p **41** Mei hokker alinea begjint diel 3?
- A alinea 5
 - B alinea 6
 - C alinea 7
 - D alinea 8
- 1p **42** Mei hokker alinea begjint diel 4?
- A alinea 6
 - B alinea 7
 - C alinea 8
 - D alinea 9
- 1p **43** In skriuwer kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan
- 1 feiten
 - 2 de miening fan in oar
 - 3 syn eigen miening
- Wêr makket Fedde Dijkstra, skriuwer fan tekst 3, gebrûk fan?
- A 1 en 2
 - B 1 en 3
 - C 2 en 3
 - D 1, 2 en 3
- 1p **44** Wat is de bêste karakterisearring fan de titel fan tekst 3?
- A De titel ferwiist nei in dielûnderwerp út tekst 3.
 - B De titel neamt it ûnderwerp fan tekst 3.
 - C De titel is de haadgedachte fan tekst 3.
 - D De titel is in sitaat út tekst 3.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.